

Oan dy't my letter lêze sille oer Tony Feitsma

Philippus Breuker

Ik ha Tony persoanlik kennen leard op de brulloft fan myn broer Piet. Har sjoen hie 'k al yn 1965, doe't sy oan in oare tafel yn de lêskeamer fan it Ryksargyf sûnder op of om te sjen drok dwaande wie mei it trochnimmen fan stikken. Dat mocht ik wol lije. It sil foar har genealogyske stúdzjes oer Onbekende Midfryske skriuwers west hawwe. Fan har heard of oer har lêzen hie ik al langer. Ik hear har noch foar de RON tsjin plannen mei de terp fan Brantgum agearjen. Dat spriek my wol oan. Ek mei har iens wie ik it yn har breed droegen ferset tsjin de ferkeap fan boeken fan it Frysk Genoatskip by Beijers. Dêr stienen de kranten ein 1965 en begjin 1966 oer fol. Al wat langer lies ik *De stiennen Man*, dêr't ik my foar't neist yn 1960 al op abonnearre ha en dat troch tadwaan fan Harm Scheffer, by wa't ik as ûnderwizer yn oplieding hospitearre.

Mar ik wit ek noch wol dat ik it blêd opsein ha. Wat Tony beweege om har yn dy neare Fryske Beweging te bejaan, begriep ik net, en noch folle minder begriep ik har niget oan stavering. My interessearren hertstochtlik de skiednis fan it doarp en ik libbe mei de literatuer fan dy jierren. En de stúdzje foar de middelbere akte Nederlânsk frege in soad tiid. Sa hie ik yn 1965 in abonnemint op *It Beaken, Us Wurk, De Pompeblêdden, De Strikel, De Tsjerne*, mar ek op *Merlijn, De Nieuwe Taalgids, it Tijdschrift voor Nederlandse taal- en letterkunde, Spiegel der letteren* en it blêd fan *Heemschut*.

Ik fielde my opentop Fries, mar dan wol ien dy't wurdearring foar Fryslân fan eigen krêft ha woe, net fan easken dit en easken dat. Tony en de Fryske Beweging wienen doe lûden út in oare wrâld. Wol wie ik ûnder de yndruk fan har stikken oer Onbekende Midfryske skriuwers, sa't ik dat trouwens ek wie fan it wurk fan Buma en Oosterhout yn itselde *Us Wurk*.

Mar dat wie allegear mar op ôfstân. De earste moeting, dy fan dy brulloft, wie yn augustus 1970. Botte hertlik woe it net wurde, al foel der ek gjin ferkeard wurd. It petear flotte net rjocht. It wie dúdlik dat wy yn ferskillende kampen sieten. Sy yn KU en YSF, ik yn it fermidden fan FLMD en Akademy. Dy kampen hienen har krekt foarme. Wy hienen koart dêrfoar mei elkoar te meitsjen krigen. Yn 1969 wie yn de Klanderij te Ljouwert in byienkomst holden om fan gedachten te wikseljen oer it skriuwen fan metoaden foar it fuortset ûnderwiis Frysk. Ik wie doe learaar oan de Rykspedagogyske Akademy yn Ljouwert. Gerben Abma wie ien fan de gearroppers. It wie in initiatyf út it fermidden fan lju dy't de Fryske Akademy demokratisearje woenen. Dat demokratisearjen wie doe yn 'e moade, hiel oars as hjoeddedei. Der waarden op dy jûn plannen makke foar ferskate boeken. De measten kaam neat fan telâne, mar dat foar literatuer waard him al. It soe *Tekst en útliz* wurde, dat ûnder redaksje fan Freark Dam, Douwe Tamminga en my kaam. Tamminga makke in proefles oer Schurer en ik ien oer Trinus Riemersma. Dy waarden stjoerd nei in oantal letterkundigen mei it fersyk om kommentaar en de fraach oft se sels ek ien of mear lessen skriuwe woenen. De oare wyks spriek Adri van Hijum op de Skriuwerskonfernsje yn Koartehimmen oer *De hite simmer* fan Riemersma. Hy stjoerde in alternative les oer Riemersma nei it Pedagogysk Wurkforbân, dat dêrop op 6 maaie in gearkomste oer de lessen fan him en Tamminga en my belei. Foar de Ynteruniversitêre Stúdzjeried Frysk brocht Pyt Jan Sikkema foar dy gearkomste in eigen plan foar in literatuerboek yn, dat gearstald wie troch in kommisje út de YSF. Dy kommisje wie ynsteld op 21 maart. Fan dy kommisje hat men letter net wer heard, likemin as fan de fjouwer lju út YSF-fermidden, út namme fan wa't Tony op 31 july in brief oan de kommisje *Tekst en útliz* skreau mei de meidieling dat se neigean soenen oft der út de YSF ek ien of mear groepen gearstald wurde koenen dy't achtergrûnstikken foar de literatuerstúdzje meitsje kinne soenen. Ek dêr hat men net wer fan heard. Koart dêrnei waard ik foarsitter fan it Literêrhistoarysk

wurkferbân. Poortinga wie yn augustus spesjaal op in sneintemiddei nei Boazum kommen om my te freegjen.

It soe net de iennichste kear wêze dat fan har kant mei alternativen kommen waard. Fan gewoan meidwaan mei in initiatyf fan oaren wie by Tony faak gjin sprake. Dat hat my wol spiten doe't ik dêr letter op 'e Akademy mear as ien kear mei konfrontearre waard. Foar gearwurkjen wienen de ferhâldingen tusken de ynstituten gewoan te gespannen. Dat wie al sa sûnt 1960. Mei de Akademy hie se doe spul krigen om de fiertaal fan it Wurdboek en dat wie yn de folgjende staveringsstriid en it bûtensluten fan har yn it bestjoer fan it Taalkundich Wurkferbân alhiel út 'e hân rûn. Mei Miedema koe se net, dy twa hienen elkoar om 1960 hinne op it Frysk en it Nedersaksysk Ynstitút yn Grins kennen leard. Ik mocht wol oer him, hy hie my yn 1965-'66 les jûn en wy soenen elkoar yn 1974 wer treffe yn it Trippenhûs, dêr't hy in lêzing oer nammekunde hold. Dat late it oare jiers ta de oprjochting fan it Nammekundich Wurkferbân.

It gefolch fan har minne ferhâlding mei suver alle Fryske ynstellingen wie dat se mei jonge studinten en skriuwers har eigen ynstitúsjes oprjochte lykas de KU en de YSF. Dy seagen yn har de liedsman, dy't it establishment oanpakke koe. Feroarje, dat wie om 1970 hinne it boadskip. Op in YSF-gearkomste ha 'k leau'k nea west, al kaam ik wol op de konferinsjes en wie ik yn 1971, doe't dat koe, fuort stiper wurden. It foel my doe noch net sa op dat dy YSF dochs meast op har en Meijering dreau. Studinten hawwe mar in bytsje út 'e wei set.

Wat my fan dy iere jierren santich heucht, binne de moetingen op strjitte yn Ljouwert, faak net fier fan it stasjon. Men koe har net tsjin komme, of se spriek jin oan en besocht jin foar har stânpunt te winnen. Dat gong dan om persoanlike skelen, lykas mei professor Buma, of mr. dr. K. de Vries, de wittenskiplik direkteur fan de Akademy, of Freark Bergstra, de foarsitter, lju dy't men net persoanlik koe. Ik hold altyd wat ôfstân by sokke twingende oerfallen. Bergstra hie yn 1969 tsjin har sein dat se har neisjen litte moast, eat wat der fansels yndied lang net op troch koe, foaral net omdat hy psychiater wie. Likegoed fûn ik dat in ferfelende eigenskip fan har. It steurde my dan ek dat it publyk wachtsje moast op har en Bergstra doe't syn bondel *Skiep binne der inkeld om skeard te wurden* yn 1998 yn de Prinsetún oanbean waard. Se hienen de measte wille. Fan in fersoening hie men nea heard. Koart dêrnei ha ik sels my lykwols mei har fersoene. Hoe't dat sit, komt aansen.

Ik woe lykwols sa net, ek al leinen wy elkoar dan blykber net. Sy wie dochs myn promotor. Ik hie har yn 1979 frege omdat sy mei Gysbert Japix de bêste wie. Se hat de stikken altyd wurd foar wurd lêzen en dêrby hieltyd de finger lein op yn har eagen te maklike konklúzjes. Ik wit noch wol dat ik argumintearje moast wêr't foar myn gefoel neat mear wie om mei te argumintearjen. Oan de oare kant wie it ek sa dat se it fertocht fûn as alles kloppe. Sa skreau se yn 1986: 'De riddenjerringen, feiten, oanwizingen en konklúzjes oertsjûûgje my mear ot der un 'rest' oerbliuwt dy't net ferkljerre wurde kin. Sa is it yn de joeddeiske réalyteit meastentiids ek! [it giet oer de politike kontekst]. Dot jildt ek fwar de datjerringen, dêrst óp himsels goede argúminten fwar hast.' Ynhâldlik hat se net folle hydroegen. Dat se my cum laude jaan wollen hie, fertelde se fjirtjin dagen nei de promoasje doe't se my Cicero syn *Over ouderdom* kado die. De oare deis waard ik fyftich en ik hie sein dat ik my âld fielde. In moai kado dus!

Underwilens wienen de ferhâldingen ek better wurden. Sa ha ik meiwurke oan har blêd *Fryx*, dat se yn 1980 oprjochte hie. Fertroulik binne wy nea wurden, mar yn dy jierren wienen der gjin spanningen, al stie my har oanfal op Durk Nota yn 1985 net oan. Dat gong sa oant yn 1990 de oplieding Frysk oan de VU opdoekt waard en sy Lammert Jansma stipe yn syn beslút om net langer de oplieding yn Leiden te finansierjen, mar oer te bringen nei de UvA. Der kamen doe mear konflikten. Yn 1993 ûntstie der ien yn in Akademykommisje oer nasjonalisme dêr't wy beide yn sieten, en yn 1995 in oaren, doe't sy om begong te rieden yn de kwestje om it *Auditorium* hinne, dêr't ik as redakteur nau by belutsen wie. Op 'e

achtergrûn spile myn oardiel oer de taalkundige kennis fan Joast Halbertsma yn de ynlieding op de *Rimen en Teltsjes* út 1993 mei. Dêr foel se my net botte saaklik mei in stik op oan. Nei it bylizzen om 2000 hinne soe it even goed gean, mar doe hearde ik har yn kafé Onder de luifel lûd en leechlizzend tsjin ien mei wa't se fierderop siet te iten oer my praten, sa, dat elk derfan mei genietsje koe. Se kaam ek wer út it neat mei in stik dat in saaklik ferpakte oanfal op my as persoan wie. Mar ek dat is gelokkich wer bylein. Dêr hat Henk Meijering my ta ynspirearre en by bemiddele. Sa hat it dus west. Ik tink dat it net oars kinnen hat.